




H. Hofman

BLAUFORLAET - 14 EN 15 APRIL 1945

"... en twang fan hwa ek stie it tsjin!"





BLAUFORLAET - 14 EN 15 APRIL 1945

"... en twang fan hwa ek stie it tsjin !"

H. Hofman

haad Joh. Looijengaskoalle foar Kristl.

Basisûnderwiis te Surhuizum

Utjefte Gemeente Achtkarspelen 1980

Bywurke 2025 St. Oud Achtkarspelen

Foarôf.

Dit boekje is skreaun foar de heechste klassen fan 'e basisskoalle. De bedoeling is, dat de bern wat mear te witten komme fan 'e skiednis dy't der fêst sit oan dy "grouwe stien" dêr by de brêge fan Blauforlaet. Wêrom leit dy dêre?

De ynformaasje oer wat der by Blauforlaet bard is, mocht ik út 'e earste hân ûntfange, nammentlik fan master M. Bottema út De Harkema.

Tige tank dêrfoar !


Ek graach in wurd fan tank oan Oebele Alma foar syn kreaze tekening en it Gemeentebestjoer, dat dizze útjefte mooglik makke.

H. Hofman

M. (Meint) Bottema (1903-1986)

H. (Henk) Hofman (1938-2003)

BLAUFORLAET



"Friidom wie de heechste wet" - Blauforlaet 14 en 15 april 1945

Yn 't lêst fan de 2^e Wrâldoarloch (1940-1945) is der yn Achtkarspelen noch tige fochten tsjin de Dútske fijân. Dat wie by de brêge fan Blauforlaet. Hoe kaam dat sa?

"De flesse is leech! "

Wolno, de Kanadezen kamen der oan. Se hiene it suden fan Fryslân al befrijd. En no setten se it noarden yn, dus ek nei Achtkarspelen ta. By de brêgen fan Koatstertille en Blauforlaet woene de Dútsers besykje om de Kanadezen te kearen. Ja, faaks lieten se de brêgen wol de loft yn fleane... de minsken fan it ferset yn Achtkarspelen wiene al sûnt 8 april 1945 op har iepenst. Dizze fersetsminsken hearden by de B.S. Dat betsjut Binnenlandse Strijdkrachten. Op dy 8^{ste} april nammentlik kaam der oer de radio in geheim berjocht. Dat berjocht wie: "De flesse is leech!" En dat betsjutte: jimme moatte jim ree hâlde foar aksjes!

Yn 't earstoan mienden de B.S.-ers dat der ûnder de brêge fan de Tille al minen leine. Mar dêr wiene se mis mei. Mar wol waard der troch de Dútsers tige op de brêgen past. Nachts en deis rûnen der wachtposten.

"Ha jo ek fjoer?"

Yn 'e nacht fan 13 op 14 april moasten de mannen fan de B.S. opkomme. Se húsmannen op 'e pleats fan Van der Meer oan de Dykhústerwei. Dat is tichteby Lytsepost. Der wiene meielkoar wol sa'n 80 man.

Yn 'e iere moarn brocht in boadskipper it befel: "De brêgen fan 'e Tille en fan Blauforlaet moatte yn hannen fan 'e Kanadezen falle, sûnder mankeminten. Want hja binne ûnderweis."

Seis frijwilligers slûpten doe yn 'e moarnsskimer nei de brêge ta. Hiel stikum fansels, de fijân mocht neat fernimme. Krekt fan te foaren hiene de fersetsmannen al in keppeltsje Dútske soldaten finzen nommen. Dy sieten by Van der Meer yn 'e skuorre opsletten. Dêr wie de brêge. Op de brêge wie ien Dútser oan it wachtrinnen. De oaren sieten noflik yn it kafee fan Fokkinga, ûnderoan de brêge by it Knillisdjip. Meielkoar sa'n man as acht. Fjouwer BS-ers omsingelen it kafee. Wilens seagen se wat der op 'e brêge barde. Dy oare twa gyngen op 'e fyts by de brêge op. By de skyldwacht stapten se ôf. Ien frege doe tige freonlik oan de Dútske soldaat oft er ek in fjoerke hie foar syn sigaret. "Jawohl", sei de Dútser en stiek de hannen yn 'e bûse om lúsjefers te krijen Mar doe hiene de beide B.S.-ers de Dútser ek al te pakken.



"Hannen omheech en gau!"

Likernôch op datselde stuit stoden de fjouwer oare B.S.-ers ta it kafee yn. Frou Fokkinga raasde, alhiel fan 'e wize: "Net sjitte! Net sjitte!"

No, dat hoegde ek net: "Hannen omheech en gau!" De Dútsers wiene sa ferslein, hja skrokken har blau, dêr op Blauforlaet! Se joegen har daliks oer.

Ien besocht lykwols om troch in oare doar noch fuort te glûpen. Mar ien skot wie genôch om him lytsman te meitsjen: hy joech him oer. Krekt op 'e tiid, oars hie er dea west, sûnder mis!

De Dútsers waarden finzen set yn in loads. En sa foel de brêge sûnder wryt of slyt yn 'e hannen fan de B.S. It grutste part fan 'e ploech by de Dykhústerwei sette doe ek ôf nei Blauforlaet. Want it kerwei wie noch net berêden. O nee, noch lang net. Rûnom loerde noch gefaar!

Fan 'e kant fan Stynsgea komt in Dútske soldaat oanfytsen. As er tichter by de brêge komt, tinkt er by himsels: "Dit doocht hjir net....." Hy fernimt ûnrie: want hy sjocht nearne in Dútske skyldwacht rinnen by de brêge. Dan sjocht er oan 'e oare kant fan it Djip in keppeltsje mannen yn blauwe overalls. It binne B.S.-ers!

"Donnerwetter! Das sind die verfluchte Partizanen!" flokt er. Handich lit er him falle en sleept de fyts yn 'e ûnderwâl. Sa, hjir kinne de kûgels fan de "Partizanen" him net reitsje. En dan wit er út te naaien. Wêr soe er hinne gean?

Soe er om help út wêze? It is net te hoopjen. Want de Kanadezen binne noch yn gjin fjilden of wegen te sjen. Dêrom beslút de B.S. om de brêge mei de hân omheech te draaien. Sa is it yn elts gefal wol sa feilich.

"Boemmm! Boemmm!!"

Dan driget der noch grutter gefaar! Fan 'e kant fan Gerkeskleaster komme skippen oan farren. In sleepboat lûkt de float. Se komme nei Blauforlaet ta. Soene se de brêge wer werom feroverje wolle? Se binne no noch sa'n 500 meter fan 'e brêge ôf.

De hiele ploech B.S.-ers leit ree njonken en achter de hege bult by de brêge. Hoe sil 't komme ?

Boemmm! Boemmm! De fijân begjint te sjitten fan de foarste boat ôf. Dan barst de striid los. De kûgels fluitsje troch de loft. De lopen fan de stengungewearren reitsje gleonhjit. It is in fûleindich gefjocht.

De Dútsers hiene der grif net op rekkene dat der sa'n tsjinwar komme soe. Hoefolle fan dy ferhipte "Partizanen" sitte dêr wol net by de brêge?

Ynienen is it stil. De Dútsers hâlde op mei sjitten. De B.S.-ers kinne no oerlizze hoe 't se fierder moatte. Ien ding is wol wis: se moatte swierder sjitark hawwe!

It duorret mar even, of dêr komt al help. It is in B.S.-er mei in bazooka; dat is in anti-tankwapen. Ek binne der noch fiif granaten. Dat is neat tefolle fansels.

Mar ja, der is net mear.

De skutter mei de bazooka giet yn stelling lizzen. Benggg! Mis! Fier fan it skip ôf slacht de granaat yn it wetter. Benggg! It twadde projektyl komt al gâns tichterby.

Benggg! Raak! De tredde granaat rekket it skip yn it midden. In foltreffer!

Twa ûntploffingen folgje. De boat driuwt stadich achterút en rekket wat út it sicht.

"Brân!"

Mar de reserve-ploech B.S.-ers oan 'e Dykhústerwei sjocht alles. Se sjogge, dat der Dútske soldaten op 'e wal springe en har kant útkomme! Blinder, dat betsjut nij gefaar. De reserve-mannen beriede har net lang.

Se slûpe de sleatswâlen lâns en nimme de Dútsers ûnder fjoer. Al gau rekket de Dútske oanfierder swier ferwûne; de oare fijannen lûke har dan hastich werom.

Lokkich, fan dy kant sil tenearsten gjin gefaar mear komme. It is no sa njonkenlytsen jûntiid wurden. De striid is gâns belune. En dan ynienen.... "Brân! Brân!" In felle lôge slacht út it besketten skip. In pear swiere ûntploffings ferskuorre de stilte. Fetten mei benzine en oalje brâne fûl. Mei barstend geweld fleane brânende projektilen alle kanten út. Se komme sels op it tek fan in pleats dy 't der deun by stiet. It is ien see fan fjoer. 't Is in benearjend gesicht. De fersetsmannen hâlde de siken yn: hoe sil dit ôfrinne?

"Hilfe! Hilfe!!"

Dan hearre se fan it brânende skip bange needgjalpen. "Hilfe! Hilfe!!" It skipsfolk sit yn grutte need. In man as fiif B.S.-ers rinne der hinne. It is goed, dat se komme. In Dútser en syn frou en twa fammen binne drok dwaande. Se besykje om in deadlik ferwûne soldaat op in planke út 'e kajút wei nei de wâl ta te sjouwen. It is in Tsjech. Hy is der min oan ta. "Nicht sterben", kreunt er, "nicht sterben!"

Meielkoar bringe se him nei it kafee fan Fokkinga. Der moat opslach in dokter komme. Der is gjin ferwin mear op. De oare moarns stjert de Tsjech.

"Wy jouwe us oer!"

Tsjin 'e jûn komt fan 'e Bûtenpostmer kant in legerwein oanriden. Dy sit fol mei Dútsers en N.S.B.-ers (N.S.B.-ers hâlden it mei de Dútsers; N.S.B. betsjut Nationaal Socialistische Beweging.) In frjemde optocht! De fersetsminskten tinke even: "Moatte wy it no dochs noch ferlieze?" Mar nee hear! Wylst se it gewear yn 'e oanslach hawwe, stoppet de auto. Der stapt in Dútske offisier út. En wat hat er yn 'e hân? In grutte wite doek! Dat betsjut: "Wy jouwe ús oer!" Ek dy minskten wurde finzen nommen.

"Well done, boys!"

De hiele nacht fan saterdei op snein moatte de B.S.-ers wachtrinne by de brêge en it Knillisdjip. Hja hâlde alles goed yn 'e gaten. En sa wurdt it snein.

De brêge wiist noch altiid driigjend omheech. Wa't fan 'e iene kant nei de oare wol, moat mei in boatsje. It is der drok. Fan alle kanten wurde der finzenen ynbrocht. Oeral steane wachtposten. It liket wol in âlderwetsk legerkamp. Tsjin âlve oere komt der fan 'e kant fan Stynsgea wat oanratteljen. It is in eigenaardich lûd. It wurdt al mar sterker en sterker. En wat komt der oan? Ja wier, it binne de Kanadeeske gefjochtsweinen!

De kommandant springt fan de foarste wein ôf. Hy sjocht it hear ris oer. Dan sjocht er de mânske brêge. Hy sjocht dat der neat oan mankearret; de brêge is net skansearre! Hy sjocht in hiele rige finzenen by de muorre fan Hoekstra syn pleats. Hy sjocht al dy warbere B.S.-ers. Dan glimket er. En hy ropt optein: "Well done, boys!"

Ja, de mannen fan it ferset hawwe hjir goed wurk levere foar de befrijing fan ús gemeente, fan Fryslân.

"Wy binne wer frij!"


De Kanadezen kinne it fierder maklik ôf. Der sitte noch altiten Dútsers yn 'e boaten dy 't yn it kanaal lizze. In pear salvo's fan 'e gefjochtsweinen meane der oer hinne.

Dan jouwe ek de lêste Dútsers har samar oer. Mei de hannen omheech springe se op 'e wâl. Dan giet it op in suteldrafke op Blauforlaat oan. By de haven wurdt in grutte loads no as finzenis ynrjochte. Der binne sa njonkenlytsen 46 militairen: hege offisieren en deagewoane soldaten. En dan noch gâns in keppel oare dogeneaten út 'e omkriten: N.S.B.-ers, lânwachters en oar ferkeard folk. Alle Dútske skippen, alhiel fan 'e Gaarkeuken ôf, wurde nei Blauforlaat ta sleept. Meielkoar wol sa'n 52. En allegearre fol mei stellen guod. Mar no is it út met de rôverij! "Wy binne frij!"

En dan komt der in ein oan twa spannende dagen, fol noed en soarch. Nee, dizze beide dagen: 14 en 15 april, de dagen fan de slach by Blauforlaet sille wy hjir yn Achtkarspelen net sa gau ferjitte!

"Frijdom wie de heechste wet"

Sa hie de fersetsgroep fan Achtkarspelen dus goed syn bêst dien om dit part fan ús lân frij te krijen. Betink wol, hja diene it net omt se sa graach helden wêze woene. Of omt se sa graach sjitte woene. Nee, se diene it omt se mei stride woene tsjin it Nasjonaal Sosjalisme, de Nazi's. Want de Nazi's joegen ús folk gjin frijheid. En hja setten ús op tsjin ûnder oaren de Joaden. En wy meie nea ien wat optwinge.



Dêrom stiet der ek op it monumint, dy grouwe stien, by de brêge fan Blauforlaet:

"EN TWANG FAN HWA EK STIE IT TSJIN"

Dat is in rigel út in kûplet fan it Frysk Folksliet. En dat past no krekt by wat al dy fersetsstriders woene. Hja woene har net deljaan ûnder de besetter, hja woene net ferdrukt wurde. Letter is der yn 'e stien fan it monumint noch in oare tekst by beitele. En dy tekst is:

"FRIJDOM WIE DE HEECHSTE WET"

As op 14 april de betinking hâlden wurdt by Blauforlaet, dan wurde der blommen lein. Dan wurdt der tocht oan 'e deaden dy't fallen binne; oan al it lijen en de ellinde fan de 2^e Wrâldoarloch; mar dan wurdt der ek tocht oan de befrijing dy't kommen is. En dêrom kinne de trije flaggen breedút waaie, de flaggen van Nederlân, Kanada en Fryslân. Hja wapperje foar de frijheid, en dat is in djoer besit!

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! Wol no ris brûze en siede,
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
It Fryske lân fol eare en rom
Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare
Syn namme en taal, syn frije sin;
Syn wurd wie wet; rjocht, sljocht en trou syn leare,
En twang, fan hwa ek, stie it tsjin
Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn

Dr. E.H. Halbertsma ("dokter Eeltsje-om")

1797-1858